



Jierferslach 2024



Wittenskiplik ûndersyksynstitút
foar de Fryske kasus



Algemien

2024 wie in bysûnder jier foar de Fryske Akademy. Mei in grut jubileumfeest yn de histoaryske binnentún fan it Coulonhûs, in besite fan de kening, de oerdracht fan HisGIS oan it KNAW Humanities Cluster, twa prachtige rapporten oer it wurk en de rol fan de Fryske Akademy, mar ek mei in folslein nije hússtyl en in nij jaske foar it ledeblêd Ut de Smidte, wie 2024 in jier om mei grutskens op werom te sjen.

Yn jannewaris fan 2024 ferskynde it rapport fan de KNAW-kommisje oer de Frisistyk. De wichtige posysje fan de Fryske Akademy en koers dy't mei dizze beliedsperioade ynset is, wurdt troch dit rapport sjoen as drager fan de Frisistyk. De oanbefellings yn it rapport oer de gearwurking mei ferskate gremia yn de provinsje joech in moaie basis foar de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer, dy't yn april 2024 ûndertekene waard.

In twadde rapport oer de Fryske Akademy kaam fan in eksterne, ûnôfhinklike fisitaasjekommisje, dy't yn opdracht fan de KNAW by ús delkaam om in saakkundich oardiel te foarmjen oer ús wittenskiplike prestaasjes. De kwaliteit fan ús ûndersyk en

ek fan ús wurkmenskip waard heech wurdearre.

Wat it ûndersykswurk oanbelanget stie 2024 foar it grutste part yn it teken fan de fierdere ûntjouwing en ymplemintaasje fan de ûndersyksagenda. In meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting is oansteld om de gearwurking mei ús wurkgroepen en wurkferbannen op 'e nij út te wurkjen. Ek binne nije kennispartnersoerienkomsten tekene en yn tarieding.

Der is in flinke groei te sjen yn it oantal (ynternasjonaal) honorearre projekt-oanfragen. Ek is úteinsetten mei in ynterne ynterdisziplinêre subsydzjecall. Dêrneist wiene der konstruktive petearen mei de provinsje oer de eksploitaasjesubsydzje en waard de Fryske Akademy ferrast mei in legaat.

Yn de simmer fan 2024 koene wy de Waddenacademie tydlik húsfeeste, en nei harren fertrek krige ûndersykgroep BirdEyes in plak binnen ús muorren. Mei it fertrek fan Planburo Fryslân yn 2025 út ús Aljemint wei krijt de Fryske Akademy kâns om te sjen nei hoe't noch effisjenter omgean wurde kin mei it gebrûk fan de romtes.

Koartsein, we sjogge werom op een posityf en ynspirearjend 2024.





85 jier

Tusken de iuwenâlde beammen en gebouwen, yn de histoaryske binnentún fan it Coulonhûs yn Ljouwert, hat de Fryske Academy op freed 13 septimber 2024 it 85ste jubileumjier feestlik ôfsletten. Mei gasten as Kommissaris fan de Kening Arno Brok, boargemaster fan Ljouwert Sybrand Buma en dichter fan Fryslân Arjen Hut, mei de beneaming fan de leden Eppie Dam (*foto links, mei partner*) en Ammerins Moss-de Boer, mei de útrikking fan de skripsjepriis oan Sannah Debreczeni en in earfolle fermelding foar Herman van Vliet, mei in lêzing fan Henk Wolf, en mei muzyk fan Hot & Toasty (*foto rjochts*), kinne we weromsjen op in goed slagge dei.

85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske kasus betsjut ek dat wy by de Fryske Academy al 85 jier ús bêst dogge om ús ûndersykswurk sichtber en brûkber te meitsjen. Mei in nij gearstald undersyks-programma en in oanskerpte fyzje op wêr't wy yn de takomst nei ta wolle, ûntstie ek de winsk om ússels op in nije manier sjen te litten. De Academydei 2024 wie dêrom by útstek it momint om ús nije hússtyl te presintearjen.

Us nije en frisse logo is ûntstien út de gedachte wei dat wy as wittenskippers de kearn sykje. Mar ek dat wy it middelpunt fan de Frisistyk binne, en wêze wolle. It byldmerk liket in labyrinth, mar is wol sa iepen dat elkenien altyd deryn komme mei en syn paad fine kin. De A yn it logo liket sels op in plakwizer op in digitale kaart. Sa fan: Hjiir moast wêze! Mar it hat ek wol wat wei fan de foarm fan de provinsje Fryslân, mei de eilannen deromhinne. Wy hoopje dat elkenien ús nije logo omearmje sil, lykas wy dat no al dogge.

Om ús jubileum ekstra omtinken te jaan, waarden ús online mediakanalen in de earste helte fan it jier folle mei in rubryk mei 'stekwurden' oer de Fryske Academy. Ek wie it Genealogysk Wurkferbân en de Fryske Rie fan Heraldryk op ús fersyk *on tour* troch de provinsje mei in tal lêzings oer bysûndere famyljes en famyljewapens út de doarpen dêr't se te gast wiene. Mei in trijetal kollega's waard troch in jong media-bedriuw mini-kolleezjes opnommen op video en it ledeblêd Ut de Smidte is yn syn gehiel fernijd, sawol wat de útstrieling oanbelanget, as ek ynhâldlik.





Besiten

Yn 2024 kaam Kening Willem-Alexander op wurkbesite by de Fryske Akademy om te praten oer it wittenkiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer. Yn oanwêzigens fan Kommissaris fan de Kening Arno Brok en deputearre Eke Folkerts gie Syn Majesteit de Kening yn petear mei ús direkteur-bestjoerder en fiif leden fan de wittenskiplike stêf.

Bysûnder wie ek de besite fan de ambassadeur fan Japan, Hiroshi Minami, yn it selskip fan honorair consul Frans de Beaufort en boargemaster Buma fan Ljouwert. Twa (âld-)kollega's fertelden oer de Japansk-Fryske wurdboeken en grammatika's dy't publisearre binne, en oer oare ûndersyksprojekten yn relaasje ta Japan.

Yn 2024 koene wy ek de twa fertsjintwurdigers fan de Ingelske ambassade, Keith Allan (Deputy Head of Mission) en Max Scragg (Economic and Social Affairs Attaché), ferrasse mei ús ferhaal oer al it ûndersyk dat de Fryske Akademy docht - en dien hat - yn gearwurking mei Britske ûndersikers op it

mêd fan skiednis en meartaligens.

Ut it hege noarden wei wist de Sámi fágagirjjálaš čálliid- ja jorgaleaddjiidsearvi (The Sami Non-Fiction Writers- and Translators Association) ús te finen, lykas in delegaasje fan it Serbski Institut út Dútslân, en de Vrienden van het Westfries Archief út Hoorn.

Ut it eigen netwurk wei kamen besiten (oer en wer) ta stân mei kennispartners as it Nordfriisk Instituut en het Ostfriesische Landschaft, mei politisy en steateleden, mar ek mei de ferskate Europeeske partners fan de Erasmus+ en Creative Europe-projekten dy't it Mercator Europeesk Kennissintrum foar Meartaligens en Taallearen útfiert.

Ut Portugal wei kamen twa studinten op besite dy't in reis nei Fryslân wûn hiene as bêste learlingen yn de minderheidstaal Mirandès. Dielnimmers fan de RUG/Campus Fryslân Summer School oer Spraak-technology kamen mei ús yn 'e kunde tidens in gesellige túnbuorrel. Op ús mini-wittenskipsfestival koene kollega's fan oare Fryske ynstituten - yn it ramt fan de Wike fan de Utwikseling fan Werken in Friesland - in tal (ynteraktive) presintaasjes bywenje oer ús projekten en ûndersyskwurk.





fryske
akademy

Beoardieling

De Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) hâldt it wittenskiplik tafersjoch oer de Fryske Akademy. Yn dat ramt wurdt ien kear yn 'e seis jier yn opdracht fan 'e KNAW in ûndersyks-evaluaasje fan it ynstitút útfierd.

Yn 2024 kaam in eksterne, ûnôfhinklike fisitaasjekommisje del om in saakkundich oardiel te foarmjen oer de wittenskiplike prestaasjes fan de Fryske Akademy – en dêrmei ek fan it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen - yn de ôfrûne jierren. As tarieding op de fisitaasje hie in ynterne wurkgroep in wiidweidige selsevaluaasje skreaun oer de organisaasje en it wittenskiplik wurk.

"De Fryske Akademy hat yndrukwekkend sterke kapasiteiten sjen litten op ferskate mêden, wêrûnder ûndersykskwaliteit, maatskiplike relevânsje en akademyske kultuer." Dit binne wurden út de konklúzje yn it evaluaasjerapport fan de komisje ûnder foarsitterskip fan prof. dr. P.C. Hengeveld. It rapport beklammet it sukses yn it fersterkjen fan regionale en

ynternasjonale gearwurkingsferbannen, de multy-dissiplinêre oanpak fan de frisistyk en it feit dat de ynstelling ynspilet op maatskiplik ferlet troch útwreiding fan ûndersyks-gebieten en digitale inisjativen.

De fisitaasjekommisje jout yn har rapport as oandachtspunten mei dat der romte is foar ferbettering op bygelyks it mêd fan ûndersyksfinansiering, diversiteit en de yntegraasje fan it Mercator Europeesk Kennisintrum yn de aktiviteiten fan de ynstelling.

De beoardieling is útfierd oan de hân fan it Strategic Evaluation Protocol 2021-2027 (SEP) foar publike organisaasjes yn Nederlân. De beoardielingskommisje bestie út:

- Prof. dr. P.C. Hengeveld (Universiteit fan Amsterdam), foarsitter;
- Prof. dr. M. van Koppen (Universiteit Utrecht & Meertens Instituut);
- Dr. S. Boodts (Radboud Universiteit Nijmegen);
- Prof. dr. R. Naismith (University of Cambridge);
- Dr. M.T. Günther-van der Meij (NHL Stenden Hegeskoalle);
- M.T. de Vos, MPhil (Radboud Universiteit & INT).





Undersyk


De wichtichste taak fan de Fryske Akademy is it dwaan fan fûneminteel wittenskiplik ûndersyk op de fakgebieten taalkunde, sosjolingwistyk, leksikografy, meartaligens en taallearen, minderheidstalen, it Ald-Frysk en de skiednis en it erfgoed fan de midsiuwen, de iermoderne tiid, de nijste tiid en de ynteraksje mei it lânskip. Yn al dit ûndersyk spilet ICT en de ûntwikkeling fan digitale helpmiddels en kolleksjes in wichtige rol.

2024 stie foar it grutste part yn it ramt fan de fierdere ûntjouwing en ymplemintaasje fan de ûndersyksagenda. De agenda foarmet de basis fan ús strategysk personielsbelied, en bepaalt de ramten dêr't wy ferline jier nije projekten yn foarmjûn en útwurke hawwe. Ek waard der oansluting socht mei de Nasjonale Wittenskipsagenda en mei de doelstellings fan it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (GFTK). Boppedat hawwe wy yn 2024 in kennispartnerskip-oerienkomst tekene mei it Skipfeartmuseum yn Snits, en ferlykbere oerienkomsten mei oare kennispartners binne yn tarieding.

De Fryske Akademy wurket yn ferskate ekstern finansiere projekten gear, mei

(Fryske) kennisynstituten en mei ferskate maatskiplike organisaasjes op regionaal, nasjonaal en ynternasjonaal nivo. Yn 2024 wurde de bannen ynternasjonaal ek wer sterk oanhelle, sa as by it Europeeske projekt *Read with Multilingual Early Education (Read with MEE)*, mei under oare de partners Trinity College Dublin (Ierland) en de University of the Basque Country (Spanje). Fierders is ek it projekt *Intergenerational Language Transmission* úteinset, mei Fryske partner Afûk en it European Centre for Minority Issues yn Flensburg (Dútslân). Yn totaal rinne der 22 ekstern finansiere projekten yn 2024.

Ien fan ús grutte ambysjes is it belûken fan de (Fryske) mienskip by ús ûndersyk troch it beoefenjen fan citizen science, ek wol boargerwittenskip neamd. Om dit te ferwêzentlikjen hat de Fryske Akademy yn 2024 in meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting oansteld, dy't oan de slach sil mei de ferbettering en fernijing fan de gearwurkingsstruktuer mei ús wurkgroepen en wurkferbannen.





Promovendy

Yn 2024 hie de Fryske Akademy trije PhD-kandidaten yn 'e hûs:

- Mark Raat, Human and Environmental Studies/History and Heritage (sûnt jannewaris 2021);
- Martijn Kingma, Language and Multilingualism (sûnt july 2022);
- André Looijenga, Language and Multilingualism/History and Heritage (sûnt septimber 2023).

De fakatuere foar in promovendus (Fryske Akademy/Universiteit fan Amsterdam) op it mêd fan de Aldfryske taalkunde is ein 2024 ynfolle, dizze kandidaat begjint yn 2025.

Suzanne Dekker, no ferbûn oan it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meratligens en Taallearen/Fryske Akademy, promovearre yn 2024 oan de Ryksuniversiteit Grins.

Fenna Bergsma, no ferbûn oan de Fryske Akademy, publisearre yn 2024 it proefskrift dat se ein 2021 al suksesfol

ferdigene oan de Johann Wolfgang Goethe-Universität. Hja mei no dêrom ek har doktorstitel fiere.

Meiwurkers fan de Fryske Akademy begeliede geregeld promoasjetrajekten fan PhD-studenten dy't net direkt ferbûn binne oan de Fryske Akademy. Us ûndersikers binne dan de (ko-)promotoaren fan (bûten-)promovendy oan universiteiten yn binnen- en bûtenlân. Yn 2024 holden ús kollega's superfyzje oer promoasjes oan de Universiteit Grins, Universiteit Grins/Campus Fryslân, Radboud Universiteit en Universiteit Utrecht.





Wurkferbannen en stúdzjerûnten

Citizen Science is in foarm fan wittenskiplik ûndersyk dêr't boargers op aktive wize in bydrage leverje oan wittenskiplik wurk. Dizze metoade draacht by oan it demokratisearjen fan de wittenskip troch it proses fan kennisproduksje iepen te stellen foar boargers. Undersikers en boargers wurkje gear om nije kennis te produsearjen en de ôfstân tusken wittenskip en maatskippij te ferlytsjen.

Troch mear yn te setten op citizen science wol de Fryske Akademy de duorren iepenje foar de bredere mienskip. Unyk oan de Fryske Akademy is dat it wittenskiplik ynstitút al sûnt de oprjochting yn 1938 bout op dizze groep minsken, dy't har bot ynset om nije (wittenskiplike) kennis te ûntwikkeljen en te fersprieden.

As in platfoarm foar boargerwittenskip en as moetingplak tusken wittenskip en maatskippij biede dizze wurkgroepen en stúdzjerûnten elk de mooglikheid om yn breder ferbân stúdzje te meitsjen fan in ferskaat oan wittenskiplike ûnderwerpen.

Mar hoe moat de wurkmienkip fan de Fryske Akademy der út komme te sjen om takomstbestindich te wêzen?

In 2024 is dêrom de funksje Meiwurker Citizen Science en Kennisbenutting kreëarre, dy't in septimber fan dat jier ek ynfolle waard. Want hoe kin de Fryske Akademy in dynamysk citizen science-netwurk fasilitearje dêr't akademisy, boargerwittenskippers en oare nigethawwers gearkomme kinne? Hoe meitsje wy in duorsume brêge tusken wittenskip en de bredere Fryske mienskip?


Citizen science, of boargerwittenskip, kin sawol foar de Fryske Akademy, as foar de yndividuele boarger, as foar de maatskippij yn syn gehiel weardefol wêze. Sa kinne fragen út de mienskip plak krije by de Fryske Akademy, boargers kinne wittenskiplik ûndersyk stypje, en de Fryske Akademy kin de maatskippij fan nije ynsichten foarsjen. Yn 2025 wurde alle plannen fierder útwurke.





Publikaasjes


Om ús posysje as erkend wittenskiplik ynstiút mei maatskiplike impact te fersterkjen, wie it doel om trochinoar trije publikaasjes per akademyske fte te publisearjen, wêrfan twa *peer-reviewed* (kollegiaal toetst).



Boarne: Pure

Yn totaal is der oer 2024 sprake fan 102, troch meiwurkers fan de Fryske Akademy fersoarge publikaasjes, wêrfan 63 wittenskiplik, 39 profesjoneel fan aard. Dat is in signifikante taname yn ferliking mei it totaal oantal publikaasjes fan 2023 (89). Nijsgjirrich is dat it tal artikels flink groeid is (fan 50 yn 2023 nei 74 yn 2024), wylst de delgeande line yn haadstikken of bydragen oan bondels fan foargeande jierren trochset (14, yn ferliking mei 23 yn 2023).

Opfallend is dat it persintaazje *Open Access*-publikaasjes minder wurden is (62%, ferlike mei 71% yn 2023). Nei alle gedachten wurdt dat yn de rin fan 2025 heger, want it is wichtich yn it ferwêzentlikjen fan ús doelstelling om safolle mooglik fan ús publikaasjes foar in sa grut mooglik publyk tagonklik te meitsjen.



Boarne: Pure

Wannear't de research output ôfset wurdt tsjin it trochsneed tal fte yn 2024, dan binne der per wittenskiplike fte trochsneed 7,7 publikaasjes útbrocht, dêr't 2,4 as *peer-reviewed* artikel binne. Dêrmei giet it oandiel *peer-reviewed* artikels wat omleech (yn ferliking mei 2,7 per wittenskiplike fte yn 2023), mar wy hawwe ús ambysje fan gemiddeld trije publikaasjes per fte realisearre.





Eveneminten

De Fryske Akademy fergruttet har sichtberens en ynfloed troch sympoasia en konferinsjes te organisearjen foar regionale, nasjonale en ynternasjonale professionals en akademisy. Wy hawwe ús doel om gemiddeld twa konferinsjebj dragen per wittenskiplike fte te leverjen en acht iepenbiere eveneminten te organisearjen of dêroan by te dragen, rom helle.

Mei-inoar waarden yn 2024 troch de Fryske Akademy, en troch it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen dat ûnderdiel fan de Fryske Akademy is, 59 kongressen, konferinsjes, workshops, lêzingen en besiten (mei-) organisearre.

It neamen wurdich wie bygelyks de meardaagse workshop *Coastal wilderness and cultural landscape? Repositioning the coastal and tidal area as a crossdisciplinary research topic* op Skylge, mooglik makke troch de KNAW Early Career Partnership fan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen, dy't yn 2023 takend wie oan Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm.

It ynternasjonale Mercator-kongres *Shaping Policy for Minority Languages and Multilingualism* yn Ljouwert wie mei 150 besikers út binnen- en bûtenlân hielendal útferkocht. De trettjinde Dei fan de Fryske Taalkunde yn ús eigen gebou wie ek drokbesocht troch wittenskippers fan sawol Nederlânske, as Dútske en Ingelske universiteiten.

Bysûnder wiene ek de presintaasjes by de University of Bologna oer it nijste Mercator Regional Dossier oer it Friuliaansk, it fersoargjen fan Fryske les foar 140 bern út Swol, ús dielname oan it lânlike Wykein fan de Wittenskip, de Fryske Wiki-edit-a-thon fan it WikiWomen-projekt, it Grut en Lyts Frysk Diktee, de Fedde Schurerlezing, de EU-ferkiezingsjûn 'Fryslân yn Europa, Europa yn Fryslân' mei it EBLT, De grutte Akademydei fansels en noch folle mear. Dêrneist organisearje ek de wurkgroepen en wurkferbannen alle jierren in flink tal eveneminten, as lêzings, debatjûnen en ekskurzjes, sa as de Akademylezingen yn Ljouwert en op 'e Jouwer.

Yn 2024 hawwe meiwurkers fan de Fryske Akademy yn totaal 113 lêzingen fersoarge, dêr't 68 wittenskiplik en 45 maatskiplik fan binne.





Eksploitaasje

We komme út op in eksploitaasjeferlies fan €178.646 en dat hat benammen te krijen mei de wachtiildferplichtings foar meiwurkers, dy't mei sykte of mei bysûndere regelingen fuortgien binne. Mei de Provinsje Fryslân binne wy yn petear oer de definitive subsydzjefêststelling 2023 en oer de subsydzjebetingsten en foarm fan de subsydzje 2025. Mei yngong fan 2023 past de Provinsje harren regels strikter ta, mei as gefolch dat it positive eksploitaasjesaldo 2023 fan €229.658 folslein yn mindering brocht wurdt op de ûntfongen befoarskotting.


We binne oerienkommen om binnen de provinsjale bydrage 2023 in bestimmingsfûns fan €60.000 foar 'ûnderhâld gebouwen' te foarmjen. Hjirmei komt it werom te foarderjen bedrach oer 2023 út op €169.658. It bestimmingsfûns sil yn de jierren 2025 en 2026 ynset wurde foar grut ûnderhâld oan ús gebouwen en ynstallaasjes.

Tagelik is oerwage oft we ús eksploitaasjesubsydzje oanfraach 2025 oanpasse sille nei in aktiviteitesubsydzje. Foardiel hjirfan is dat by in posityf resultaat oer 2025 by de

definitive provinsjale ôfrekken nei rato rekken holden wurdt mei de Ryksbydrage, wêrtroch de weromfoarderding leger útfalle sil. As we dit beslute soene, wurdt ús provinsjale subsydzje yntegrearre mei de aktiviteitesubsydzje fan Mercator. Uteinlik is besletten om de yn septimber 2023 yntsjinne subydzje-oanfragen net oan te passen: de lumpsumsubsydzje bliuwt in eksploitaasjesubsydzje en dy fan Mercator in ôfsûnderlike aktiviteitesubsydzje.

It folsleine (finansjele) jierferslach is [hjir](#) nei te lêzen.





Personiel

It personiel fan de Fryske Akademy is ûnderferdielt yn trije kategoryen: wittenskiplik personiel, wittenskiplik stypjend personiel en stypjend personiel. Us Strategyske PersonielsPlanning (SPP) is yn 2023 úteinset mei de help fan in eksterne adviseur, om te evalúearjen oft it hjoeddeistige personielsbestân klear is foar de takomst en om mooglikheden foar persoanlike en organisatoaryske groei te identifisearjen.

Sjoen de eask om 25% fan it wittenskiplik personiel op tydlike kontrakten te hâlden fanwegen eardere ynfleksibiliteit, stiet de Fryske Akademy foar de útdaging om in solide wittenskiplike mienskip te befoarderjen. Dochs bliuwe dieltiidkontrakten weardefol fanwege it belang dat hechte wurdt oan gearwurking, benammen mei oan universiteiten ferbûne ûndersikers.

Yn 2024 hat de Fryske Akademy twa (ferplichte) ynterne opliedingen oanbean oan it folsleine personiel. De jierlikse petearen-sykylus tusken funksjoniel liedingjaanden en meiwurkers binne op 'e nij

opstarte, dêr't dan ek persoanlike ûntwikkelingsplannen te praat komme.

De omfang fan de wittenskiplike stêf berûn oan it ein fan it jier 15,01 fte, wêrfan 9,9 fte yn fêste tsjinst en 5,2 fte mei in tydlik kontrakt. Dêrneist wie der 11,6 fte wittenskiplik stypjende stêf en 4,9 fte stypjend behearspersoneel.

Bysûnder om te melden is dat âld-kollega en no gastûndersiker Hans Mol yn jannewaris it Taukreuz (krús fan fertsjinste fan de Ridderlike Dútske Oarder, Balije fan Utert) útrikt krige hie, foar syn ûndersyk nei de skiednis fan de geastlike ridderoarder yn de Nederlannen en Frisia en foar syn ynset foar de Histoaryske Kommisje fan de Ridderlike Dútske Oarder. Ald-kollega en no gastûndersiker Siebren Dyk wie as leksikograaf behelle by it Meslânzer Woardeboek, dat yn 2024 fan de gemeente Skylge de jierlikse Lutinepriis krige, ornearre foar in wurk dat de kennis oer Skylge wêzentlik fergrutet.





Ried fan Tafersjoch

Op grûn fan it karbrief hat de Fryske Akademy in Ried fan Tafersjoch, dy't tasjocht op it troch de Direkteur-Bestjoerder (DB) fierde belied en behear. Om goed tafersjoch hâlde te kinnen, hat de Ried fan Tafersjoch in tal basisprinsipen definearre yn in tafersjochramt, benammen op it mêd fan de ynrjochting fan de *governance*, mar ek de hâlding, gedrach en gearwurking tusken de tafersjochhâlders en bestjoerders.

De Ried fan Tafersjoch is yn 2024 fiif kear gearkommen, fysyk dan wol digitaal. Dêrneist hat der ferskate kearen oerlis west binnen en tusken kommisjes en de DB, benammen hie dit te krijen mei de auditkommisje en de wittenskiplike kommisje.

Mei sawol de ûndernimmingsried fan de Fryske Akademy as mei it Frysk Akademy Fûnsbestjoer hie de Ried fan Tafersjoch in jierliks ûnderhâld. Yn 2025 sil de frekwinsje fan dizze petearen op fersyk omheech gean, sa is ôfsprutsen.

Lykas oare jierren wie ek it jierliks Tripartite oerlis tusken de KNAW (ynterim direksje), Provinsje Fryslân en de Fryske Akademy. De

foarsitter fan de Ried fan Tafersjoch en ien lid mei it profyl 'Wittenskip' hawwe dit petear tegearre mei de DB fierd.

De leden fan de wittenskipskommisje fan de Ried fan Tafersjoch wiene aktyf ûnderdiel by de troch de Fryske Akademy inisjearre selsevaluaasje en yn it proses nei de fisitaasje ta. De auditkommisje hat ek de foarsitter en in lid fan de wittenskiplike kommisje fan de Ried fan Tafersjoch ynterviewd.

Nei't it fisitaasjerapport yn septimber fan 2024 ferskynde, wie it oan de Ried fan Tafersjoch om, yn ôfstimming mei de DB, posysje yn te nimmen oangeande de oanbefellings. Dat stik is publisearre op de website.

Ried fan Tafersjoch (2024)

Drs. Seerp Y. Leistra (foarsitter)

Prof. dr. Jan Don

Drs. Rixt N. Heegsma

Wim Kleinhuis

Prof. dr. Anthony Visser



Links nei dokumintaasje

- Fryske Akademy Jierrekken 2024
- Mercator Activity Report 2021-2024
- Fryske Akademy Self-Evaluation Report 2020-2023
- Research Review Fryske Akademy 2020-2023



Fotografy:
Marieke Balk, Inge Heslinga, Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, Ydwine R. Scarse.



Wittenskiplik ûndersyksynstitút
foar de Fryske kasus